

Omrop Fryslân makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en amusearje. Dêrmei ferbynt en ferrikt de Omrop elkenien dy't him mei Fryslân ferbûn fielt. Mei in grut deistich berik op radio, telefyzje en online is Omrop Fryslân ek dé mediapartner foar ûndernimmend Fryslân.

Om bedriuwen en organisaasjes nóch better te helpen by it berikken fan harren doelstellingen, siket Omrop Fryslân in:

AKKOUNTMANAGER REKLAME

(32-36 OEREN WYKS)

De kern fan dizze útdaagjende en ôfwikseljende funksje is it ynformearjen en advisearjen fan bedriuwen en organisaasjes oer de unike posysje fan Omrop Fryslân en it ferskaat oan kampanjemooglikheden dy't wy te bieden hawwe. Do bist dé ferkeapadviseur dy't klanten helpt om de juste kar te meitsjen om harren produkt of tsjinst ûnder de oandacht fan harren doelgroepen te bringen. As adviseur kinst goed analysearje wat de klant nedich hat en as ferkeaper hast in boppegemiddeld fermogen om dyn advys om te setten yn in opdracht.

As akkountmanager Reklame

- ûnderhâldst kontakten mei besteande relaasjes en joust harren it bêste advys
- wurkest oan akwisyse en boust in relaasje op mei nije klanten
- bist ferantwurdlik foar de omsetdoelstellingen fan dyn eigen ferkeapplan
- makkest offertes, kontrakten en evaluaasjes foar de kampanjes fan dyn relaasjes
- hast oerlis mei oare regionale publike stjoerders foar boppe-regionale kampanjes
- bist op 'e hichte fan en nijsgjirrich nei ûntwikkelings op it mêd fan (online) marketing
- sinjalearrest kânsen en trends en witst dy om te setten yn konkrete aksjes
- hast in sûne kommersjele ynstelling en bist rjochte op resultaat
- hast in oantal jierren ûnderfining yn ferkeap en marketing yn in kommersjele omjouwing, it leafst yn de mediawrâld en mei online kampanjes
- beweechst dy maklik yn relevante netwurken en leist graach nije kontakten
- bist in teamspiler dy't graach mei elkoar suksessen fiert
- beskikst oer HBO wurk- en tinknivo

As lêste:

- Do krigest in passend lean yn skaal F fan de "cao voor het Omroep personeel" mei in lean fan op syn minst € 2.375,21 en op syn meast € 3.493,45 smoarch yn 'e moanne by in folsleine oanstelling fan 36 oeren.
- It giet yn earste ynstânsje om in tsjinstferbân foar in jier, mei kâns op in fêst kontrakt.
- Wy biede goede sekondêre arbeidsbetingsten lykas in ûnkostefergoeding, in lease-auto, in profyzjeregeling, in fytsplan en in protte romte om dysels te ûntwikkeljen.

Is dit dé baan dy'tsto sikest, dan nûgje wy dy fan herte út om te sollisitearjen.

Stjoer dyn sollisitaasje foar tongersdei 22 april oankommend nei Fokelina de Boer, adviseur P&O, fia P&O@omropfryslan.nl

Foar mear ynformaasje oer dizze funksje kinst kontakt opnimme mei Jolanda van der Werf, Manager Reklame, tel. 058 2997878.

De telefoanyske útnûgingen foar de petearen binne op freed 23 april. De earste petearen binne yn wike 17 op woansdei 28 april. De twadde gespreksronde is op freed 30 april.

Dizze fakatuere is yn- en ekstern iepensteld. By lykweardige geskiktheid hawwe de ynterne kandidaten foarrang. In assessment kin diel útmeitsje fan de proseduere. Akwisyse wurdt net op priis steld.